

Redaksjoneel Ensafh 6, 2016: ‘Hölderlin’

‘Wat bliuwt lykwols, bouwe de dichters.’ *Was bleibet aber, stiften die Dichter.* – Oan de dichter fan sokke heechstimde ferwachtings oer it wêzen fan poëzij is in grut part fan dit nûmer fan ensafh wijd: Friedrich Hölderlin, de fisjonêre Dútske romantikus.

It is no 246 jier lyn dat Hölderlin berne waard, en 173 jier lyn dat er ferstoarn yn de toer yn Tübingen dêr’t de famylje Zimmer him as psychiatrysk pasjint ferplege. In jubileumjier woene wy net op wachtsje.

Wa wie Hölderlin? Wat bliuwends hat er stifte? Yn dit nûmer komt it út ferskate hoeken wei oan ’e oarder, yn essees, yn (nije) Fryske oersettings fan syn wurk, en yn nij wurk dat op him ynspirearre is.

It foarkaft fan dit nûmer is fannijs fan Jelle F. Post. It is Hölderlin syn holle, nei it pastelportret út 1792 troch Franz Carl Hiemer – hast alle lettere portretten geane dêrop werom. It is lykwols as hat Jelle Hölderlin in masker opset. De see sjogge wy derop, út it fers ‘Andenken’ út 1803, dêr’t de dichter seit: *Es nehmet aber / Und gibt Gedächtnis die See.* Dêrboppe is it swart, en de eftergrûn is ek tsjuster. De dea fan syn beminde Susette Gontard brocht Hölderlin yn in djippe krisis. ‘Andenken’ soe it lêste gedicht wurde dat er sels noch foar publikaasje reemeitsje kind hat. Yn it omkaftbyld tsjinnet him de ‘geistige Umnachtung’ al oan, sa’t men mei in oangripend wurd de steat hjit wêryn’t de dichter de twadde helte fan syn libben trochbrocht. Yn syn toer, yn syn holle.

André R. Looijenga

Ynhâld

- 3 Redaksjoneel
- 4 Piter Boersma
Wêrom Hölderlin?
- 11 Friedrich Hölderlin
Oantinken (oersetting: Piter Boersma)
- 13 Michel Dijkstra
Wy fielden de god yn ús: Oer leafde en filosofy by Hölderlin en ‘Diotima’
- 19 Friedrich Hölderlin
De iken (oersetting: André Looijenga)
- 20 John Bosma
Hölderlin am Meer
Friedrich en Hölderlin
- 23 Geart Tigchelaar
Hölderlin yn it Frysk
- 32 Friedrich Hölderlin
De dea foar ’t heitelân (oersetting: André Looijenga)

- 34 Anne Feddema
Tûngefuga
- 36 Cornelis van der Wal
Diotima is dea
- 37 Janneke Spoelstra
Yn Greimerath
- 38 Joël Huitema
Oan de Westewyn
- 42 Geart Tigchelaar
In punt as útropteken
- 46 Baukje Zijlstra
Rûch as tou
- 49 Margreet de Jong
Houtsje-toutsje krystbeam
- 50 Michel Dijkstra
Wat mear as er jout, wat mear as er hat
- 55 Marcel Plaatsman
De achttjin: in boerdspul yn 'e gaten
- 60 Geart Tigchelaar
Ljouwert, 27-9-2016: Hoi Elmar,
- 62 Elmar Kuiper
Húns, 12-11-2016: Hoi Geart,